

# It bysûndere ferhaal fan de trettjin fan Obbe Sjutsje

Yn in achterôfhoeke oan de Aldegeaster Brekken, oan 'e ein fan de dearinnende dyk fan Blauhûs nei de Sânfurdterryp, fergetten fan 'e wrâld, wennen foar de oarloch de roomske boer Obbe Postma, syn frou Sjutsje en harren trettjin bern. Net faak sil ien húshâlding sá apart west hawwe. Fan njoggen fan de bern soe bliken dwaan dat se 'net goed' wienen. Goaitsen van der Vliet hat tegearre mei Mechtilde Postma jierrenlang dwaande west om in tragyske famyljeskiednis te rêden fan de ferjitnis.



**I**t is in ferhaal dat jin earst net rjocht oan wol. It ferhaal fan de bewenners fan de pleats De Tempel. Yn 1916 setten Obbe Postma út Kûbaard en Sjutsje Ydema út Greonterp dêr útein, nei't se de earste fyftjin jier fan har trouwen yn Obbe syn berteplak buorke hienen. Fansels begûnen se yn 'e Sânfurdterryp yn 'e ferwachting fan in moaie takomst. Mar it kaam oars. Om 1950 hinne sieten seis fan de acht soannen yn in ynrjochting. Sjutsje sels en trije oare bern hienen ek geregeld it paad bjuster west. De oarsaak: erflike kwetsberens foar skizofreny.

Aldste soan Sjoerd (1902-1963) koe goed leare, krige op de HBS sels in earepriis foar treflike resultaten en gie nei Utert te studearjen mei it doel om feedokter te wurden. Mar op syn 21e bedarre er yn in ynrjochting: hy hie him, sa waard der sein, 'oer de kop leard'. Aldste dochter Tsjerkje (1903-1974) gie itselde paad: se helle yn 1920 it diploma fan de Landbouwhuishoudcursus yn Blauhûs, mar fiif jier letter bedarre ek sy yn in ynrjochting.

En sa gie it mar troch, ek mei de oare bern. En der wie noch oare ellinde. De twadde pleats fan Obbe, in pachtpleats by Hartwert, baarmde ôf. Mooglike opfolgers ûnder de bernsbern tsjinnen har net oan. 'Wat him dêr allegear ouspile hat, kinne wij ús safolle jierren letter in foarstelling fan meitsje, mar mear ek net', warskôgje de skriuwers yn it foaropwurd fan *De 13 fan Obbe Sjutsje*. 'Wij moatte it dwaan mei de bewarre bleaune geskriften en de oantinkens fan minsken dy't ien en oar fan tichtbij of fan hearren sizzen meimakke ha.'

De oantinkens fan Mechtilde, ien fan de mar twa bernsbern dy't Obbe en Sjutsje krigen hawwe, binne yn it

boek apart foarmjûn, oanfolle mei allerhanne boarnen en foaral mei wat in lytse fjirtich oare minsken noch oan anekdoates neilitten hawwe of noch út eigen ûnderfining wisten te fertellen. Sa is net allinnich it wol en wee fan ien húshâlding op skrift steld. Wy krije ek aardich wat mei fan de streekskiednis fan Blauhûs en omkriten. Want de Postma's, mei har bytiden opfallende en nuvere, foar in part erflik bepaalde hâlden en dragen, dienen likegoed as oare famyljes út 'e krite wol mei yn it pleatslike ferieningslibben en ek it roomske tsjerke libben fan Blauhûs."

*Hoe binne jim der ta kaam, wat hat jim dream, om sa djip yn de skiednis fan ien boerefamylje te dûken?*

„Mechtilde is ien fan de beide bernsbern fan Obbe en Sjutsje. Oant har achttjinde wenne se by har heit-edy op de Tempel-pleats. Al dy jierren waard der thús mei gjin wurd praat oer de omkes dy't yn gestichten sieten en oer beppe Sjutsje dy't al yn 1934 stoarn wie. Omdat der mar sa'n bytsje bekend wie, hat se in set fan doel west om in min of mear fiktyf boek oer har beppe te skriuwen. Dat kaam der net fan. Krekt yn 2014 koe it wer oangean. Doe frege se my har te helpen by it meitsjen fan in dokumintêr boek. Dêr hie ik wol nocht oan.

Wy hienen earst gjin idee wat it wurde koe. Famylje en neiteam is der net folle, dêr hoegden wy it net foar te dwaan. Oan in grut lêzerspublyk tochten wy ek net. Mar it ferhaal wie wol sa bysûnder, dat it ferteld wurde moast. Sa binne we der tegearre yn dûkt. Djip seisto, mar dat gong fansels. Want alles watst hearst of fynst, ropt wer nije fragen en ûndersyk op. We woenen sa folslein mooglik achterhelje hoe't it dy fyftjin minsken gien is. Nij-





In famyljefoto út 1926 fan 'de trettjin fan Obbe Sjutsje', by gelegenheid fan de sulveren brulloft fan de âlden. Achterroan: Jappy (19), Gatske (17), Yeb (21), Stúske (14), Rudolf (15), Bertus (20), Harm (22) en Gryt (13). Foaroan: Tsjerkje (23), Obbe (52), lytse Obe (8), Bonne (11), Sjutsje (50), Sjoerd (24) en Dreke (12).

It tal fan op syn minst njoggen geastlike syktegefallen op trettjin bern is útsûnderlik heech, en miskien wol in unikum

## It ferhaal wie sa bysûnder, dat it ferteld wurde moast. Sa binne we der tegearre yn dûkt

gjirrige aspekten wienen ek de delgong fan in grutte boer en syn pleats, it libben op in achterôfplak op in roomsk eilân yn Fryslân, de psykiatry fan foar en yn de oarloch, hoe't der troch oaren tsjinoan sjoen waard, en de erflikheid."

Hawwe jim foarbylden of ynspiraasjeboarnen hân by it ûndersyk en it skriuwen oer erflike sykten yn isolearre plattelânsmidde?

„Nee, mei opset sin net. Goede foarbylden leinen ek net foar it gripen, en wy woenen it op ús eigen wize dwaan. Wy binne gewoan úteinset en geandewei krige it de kwaliteit dy't wy foar eagen hienen. It boek sa't it der no leit is it resultaat fan in proses fan sân jier. Myn ûnderfining as útjouwer fan sa'n santich boeken hat sines der ek wol ta dien. Mechtilde hat ek jierren yn it boekefak sitten."

Jim skriuwe it safolle foarkommen fan erflike skizofreny yn it fermidden fan de Postma's foar it meastepart ta oan it feit dat in protte manlju yn it laach sa kin trouwen, wat in negatyf effekt ha kin op de geastlike sinens fan de bern. Faak heart men ek houlikspolityk neamen as in

oarsaak: it ûnderinoar trouwen fan in lytse groep besibbe famyljes. Yn jim gefal de Brandsma's, Galema's, Hettinga's en Ydema's. Mei men sizze dat it sosjaal-religieuze ferbod om bûten de eigen rûnte partners te sykjen, mandêlich west hat oan it optreden fan safolle syktegefallen yn ien húshâlding?

„Der waard wol sein dat de grutte roomske boeren allegear wat yninoar om trouwen, mar Obbe en Sjutsje wienen gjin neiste famylje fan elkoar. Yn dit gefal kin men dy lytse mienskip der allinnich mar op oansjen dat Obbe net út de romte tarre koe, doe't der in boerinne op 'e pleats komme moest. Hy wie warskôge dat it mei Sjutsje net yn oarder wie, mar hy sette troch. Modder oan 'e kloet, soe men sizze, mar miskyn wie der ek wol leafde yn it spul."

It siet yn de famylje fan Sjutsje?

„It tal fan op syn minst njoggen geastlike syktegefallen op trettjin bern is útsûnderlik heech, en miskien wol in unikum. Wy ha besocht út te finen wêr't Sjutsje it wei hie en hoe't Obbe der sines ta die. Omdat der mear gefallen wienen onder Sjutsje har neven en nichten en omkes en moikes fan memmekant, is har kwetsberens foar de sykte werom te fieren op it houlik fan har pake en beppe Jacob Klazes Hettinga en Andryske Mevis Brandsma. Opfallend wie, dat by de bern en bernsbarn út it houlik fan dy harren âldere broer en suster, Klaas Klazes Hettinga en Akke Mevis Brandsma, de sykte nêr opdúkte. By Obbe siet it ek net yn de famylje, mar syn heit wie al 56 by syn geboarte. Sa kin ek hy de kwetsberens foar skizofreny yn de genen krigen ha."

Ik moast sa út in troch tinke oan dy ferneamde stúdzje fan Emmanuel Le Roy

Ladurie út 1975 oer it midsieuske Montailou, in doarpke yn de Frânske Pyreneeën. Jim hawwe ek sa'n kulturele mikrostoarje skreaun, in streekskiednis fan 'e Sânfurdterryp. Wie dat fan it begjin ôf ek it doel?

„It wie net ús doel om in streekskiednis te skriuwen, mar wy ha ûndertusken aardich wat materiaal sammele oer De Ryp yn earder tiid. Dêr is wol wat fan yn it boek telâne kaam, meast sydlings, yn fuotnoten en fotobyskriften. In moai stik fyn ik sels it sabare reiske troch De Ryp yn 1916, it jier dat de Postma's der delstrutsen. De skiednis fan de Tempel-pleats as doperske skûltsjerke yn de santjinde ieuw ha ik yn in apart stik beskreaun. Dat soe in taheakke wurde, mar dat ha we falle litten, omdat it tefolle wêze soe. Ik wol it eins noch wol dienmeitsje en publisearje."

Jim hawwe mei in soad minsken praat dy't de Postma's fan neiby meimakke hawwe. Wat foel jim it meast op oan dy ferhalen? Hoe gie in doarp as Blauhûs om mei dy famylje?

„Wy ha ferhalen brûkt fan sa'n fjirtich minsken. It foel ús op dat net elkenien like iepen wie tsjin ús, as fertsjintwurdigers fan de Postma's, as tsjin bûtensteanders. Foaral in pear âld-Rypsters fertelden ús net graach de minder moaie dingen. Yn dy lytse krite fan mar acht pleatsen hienen se altyd solidêr west mei de Postma's. Dat wie eigen folk, dy hienen it slim genôch doe't dy jonges ien foar ien 'net goed' waarden en úteinlik 'fuort' moasten. Se waarden stipe en holpen as it noadich wie. Dat siet djip. Fjouwer kilometer fierderop yn Blauhûs seagen se der hiel oars tsjinoan. Dêr waarden der grappen oer makke. Der wienen fansels ek guon dy't benaud foar de Postmajonges wienen."

## Wy ha ferhalen brûkt fan sa'n fjirtich minsken. It foel ús op dat net elkenien like iepen wie tsjin ús

Ik kin my ek yntinke dat it bytiden dochs dreech wie om feiten en saken boppe wetter te krijen. Skamte en ûnwil om út de skoalle te klappen oer oare minsken sille in rol spile hawwe.

„Ja, sa wie der ek in earder buorfamke dat eins net mei ús prate woe om wat der tachtich jier earder foarfaljen wie, omdat dat 'gjin moai praat' wêze soe. Uteinlik wie sy de iennichste dy't wat losliet fan dy tsjustere kant fan it ferhaal. Der hat fêst mear west dat net troch de mesken koe, mar wy ha it net boppe wetter krigen. Der is fêst noch wol wat fan te finen yn gerjochtelike argiven, mar dêr binne wy net mear oan ta kaam. Foar it hiele ferhaal makket it net út."

Haw ik it mis dat de ûnderskate pastoars fan Blauhûs, dêr't de Postma's tsjerken, har eins net ferbaal of skryflik útlitten hawwe oer dizze bysûndere famylje yn de tsjerkebanken? Alteast: dêr is neat fan bewarre bleaun?

„Wat Sjutsje en de Postmajonges oangiet, hat it him foaral yn de jierren tweintich en tritich fan de foarige ieuw ôfspile. Dat is lang lyn. Wat der fan de parochy Sensmeer (Blauhûs) yn Tresoar leit, ha wy

rûchwei troch west. Folle fierder ha wy net socht. It is net ûnmoglik dat der yn roomske argiven noch brieven en oantekeningen oer de Postma's te finen binne fan de pastoars Van den Berg, Engbers en Wirtz. Mar do wilst ek wol, degelik argyfûndersyk nimt seeën fan tiid. Ik mei it oars wol graach dwaan, mar der binne grinzgen."

It iennichste dat ik in bytsje miste yn jim boek, is ynformaasje oer it 'gruttere ferhaal'. Ik bedoel: lanlik besjoen, yn de psykiatry, is of wie der yn pasjintepopulaasjes in oerfertsjintwurdiging fan minsken út sokke sletten sosjale fermiddens?

„Der is gjin grutter ferhaal. It giet oer de Postma's fan De Tempel, en dy hienen genôch oan harsels, yn alle eilinde. Wy ha ús fansels wol ferdjippe yn de skiednis fan de gestichten, sa't se doe neamd waarden, en dêr is ek wol wat fan yn it boek telâne kôm. Oer de mooglike 'oerfertsjintwurdiging fan pasjinten út sletten sosjale fermiddens' is fêst in prachtich proefskrift te skriuwen, tenminsten foar safier as de AVG it talit, mar dat wie ús doel net. It gong ús om de minsken en de lytse mienskip sels."

### Non-fiksje

De 13 fan Obbe Sjutsje. De singeliere histoarje fan de Postma's fan De Tempel yn 'e Sânfurdterryp



Mechtilde Postma & Goaitsen van der Vliet

Utgjowerij DeRyp, € 24,95